



# **GJIN WANJA, GJIN WANJA**

**(Geen Wanja, geen Wanja)**

**Tragikomeedzje**

**fan**

**JACQUES VRIENS**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GJIN WANJA, GJIN WANJA – GEEN WANJA, GEEN WANJA** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JACQUES VRIENS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2021 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: [bestellen@toneelfonds.be](mailto:bestellen@toneelfonds.be) en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

HELEEN - húsfrou, hertlik en nayf

FRANK - har twadde man, boekhâlder

WILLEM - har soan

CHARLES de BRUIN - har earste man, akteur

LISELOTTE - freondinne fan Charles

MONIQUE TEUNISSEN - maatskiplik wurkster

## **DEKOR:** *(suggestje)*

De keuken fan in middenstânswenning. Boargerlik, alledeisk. Oan de sydkant in oanrjocht mei in kofjesetapparaat, ôfwaskmasine, koelkast en sa. *(wurdt fierder net brûkt dus in doarke folstiet)* Boppe it oanrjocht hingje kastkes. Der soe ek in kast neist it oanrjocht stean kinne. Yn elk gefal neist it oanrjocht de trochgong nei de bûtendoar, nei de tún. Fierder op it toaniel in ienfâldige IKEA-achtige tafel mei fjouwer stuollen, sa't je dy yn in gemiddelde keuken oantrefte. Boppe de tafel in lampe. Oan de oare kant fan it toaniel is *(foaroan?)* in trochgong nei de húskeamer en achteroan in trochgong nei de rest fan it hûs: de hal, de sliepkeamers en sa.

## **MUZYK:** *(suggestje)*

'Jessie' of 'Stars' fan Janis Ian.

**U dient bij uw zaaleigenaar te informeren of de muziecrechten in een totaalcontract worden voldaan. Is dit niet het geval dan dient U contact op te nemen met: BUMA/STEMRA**

## SÊNE IEN

*(frij tsjuster, rommeljen oan in doar. Even letter skeuvelt ien oer it toaniel. It is Charles. Hy hat it no en dan benaud. Hoastet, rochelt. Hy sjocht der fertutearze út. Hat in drankprobleem. Der is net folle ljocht, mar genôch om him sjen te kinnen. Hy stjit in stoel omfier en docht 'm sear oan de tafel. Flokt)*

**CHARLES:** *(lûd)* Godferdegodfer... au... dy tafel stie hjir doch noait... hat dat mins dy tafel fersetten... *(sacht)* Sssttt... Sssttt... sachtsjes âlde jonge, sachtsjes. *(wriuwt oer de skonk, wachtet even, set stoel oerein)* Mmmm... gebeurt neat... seker gjinien thús... oars wie se hjir al lang west. Of oars dy jan doedel wol. *(sjocht om 'm hinne, knipt de oanstekker oan en skynt om 'm hinne)* Wêr siet it ljochtknopke ek wer? *(siket, skarrelt om en suchtet)* Dat knopke hat se grif ek in oar plak jûn. *(sjocht om 'm hinne mei de oanstekker)* Net folle feroare yn tweintich jier. *(spottend)* Selde oanrjochtsje, selde kofjesetapparaatsje *(docht kastke iepen)* selde kopkes fan de punten fan Douwe Egberts... *(fersuchtet)* Myn god, se is gewoan deselde boargertrut bleaun. Mar ja wat wolst ek, atst mei in boekhâlder troust. Mar goed, ik sil it der mei dwaan moatte. *(draacht foar)*

'Het heden is verschrikkelijk in al zijn ongerijmdheid'. *(laket om himsels)* Ja, do witst it noch, âlde jonge, do witst it noch. De hillige Korsakow hat dy noch altyd net te pakken. Wachtsje, hoe wie dy tekst ek alwer? Kom op, tink nei... *(jachtich)* Oom Wanja, twadde bedriuw, tredde sêne... eehh... eehh... ferdomme... eehh... ja!

'Dag en nacht drukt mij, als een boze geest de gedachte neer, dat mijn leven verloren is...' Nee, nee... *(hoastet, rochelt even)* 'onherroepelijk verloren is... Ik heb mijn verleden op een stomme manier verprutst aan alle mogelijke nonsens en het heden is verschrikkelijk in al zijn ongerijmdheid'.

Ja, dat wie 't... dat wie 't... *(giet sitten, weemoedich)* Eehh... hoe gong it fierder... kom, tink nei... tink nei... âlde lul... wachtsje... wachtsje... ja, ik ha 't... *(ferromme)*

'Hier heb je mijn leven en mijn liefde, waar moet ik ermee naartoe, wat moet ik er...'. *(moat flink hoastje, rochelje, himet)* Ik moat even lizze... sliepe... o ja, *(wiist)* de húskeamer... *(gnysket)* dêr moat ik hinne... dy boargerlike bank stiet der grif ek noch

wol... (*ôf, wat rommeljen achter toaniel, dan stilte. Nei in koarte pauze fan út de tún*)

## SÊNE TWA

**HELEEN:** Wat raar, moatst sjen Frank, de keukensdoar is los. Hasto 'm **wer** net op slot draaid?

**FRANK:** (*lichtlik oansketten*) Jou my de skuld mar wer.

**HELEEN:** Frank, ik jou dy de skuld net, ik freegje it allinne mar.

**FRANK:** (*op*) Heleen, it is de toan wêrop! Der sit, hoe sil ik it sizze, ferwynt yn. (*siket it ljochtknopke, dat achter op it oanrjocht sit, achter it kofjesetapparaat*) Ferdoarje, wêr sit it ljocht?

**HELEEN:** (*op*) Hè Frank, doch no net sa brommerich. Dy knop sit al jierren achter it kofjesetapparaat. (*rommeljen*) ...Sjoch no doch út, aansen leit dat ding oer de flier.

**FRANK:** (*ljocht oan*) Wat in ûnnoazel plak foar in ljochtknopke!

**HELEEN:** Toe no skatsje, hoelang wennest hjir al?

**FRANK:** Achttjin jier, Heleen. Hjoed op de kop ôf achttjin jier en fjouwer dagen. (*docht jas út*)

**HELEEN:** (*gichelt*) Dan wilst doch sa stadichoan wol wêr't it knopke... (*smyt jas op in stoel*)

**FRANK:** Ja it is goed mei dy... (*pakt jas fan Heleen, nei de hal, ropt yntiid skoalmasterachtich*) Jassen op de kapstok!

**HELEEN:** O sorry skat (*faget mei de hân wat krommen fuort en ropt nei Frank yn de hal*) Ik fyn it wol grappich.

**FRANK:** (*yn de hal*) Wat?

**HELEEN:** No, datsto nei achttjin jier en fiif dagen...

**FRANK:** (*yn de hal*) ...**fjouwer** dagen!

**HELEEN:** Ja dat bedoel ik, datsto nei **al** dy tiid **noch** net wilst wêr't it ljochtknopke sit.

**FRANK:** (*op*) Ik kom hast noait yn de keuken...

**HELEEN:** (*lakerich, besiket grappich te wêzen*) Ja, **dat** wit ik!

**FRANK:** (*strang*) Wat bedoelst mei dy opmerking?

**HELEEN:** Neat.

**FRANK:** Jawol, soks seist net samar. Do doelst ergens op.

**HELEEN:** (*docht krampachtich har bêst om it leuk te hâlden*) Lit no mar. Wêrom moatst doch altyd sa knoarrich dwaan nei in gesellich jûntsje? (*leit earm om him hinne, lakerich*) Do hast gewoan in bytsje te folle dronken, skat.

**FRANK:** (*triuwt de earm fuort*) Ik doch net knoarrich Heleen en ik ha **net** te folle dronken. Ik freegje allinne watsto bedoelst mei dy opmerking oer de keuken. Do wilst hiel goed dat ik neat mei keukens ha.

**HELEEN:** (*flapt it der wer út*) Ja dat wit ik... o... sorry.

**FRANK:** No seist it wer, ferdoarje.

**HELEEN:** Toe no... leave... kom, we nimme noch in sliëpmûtske (*pakt flesse en twa gleskes en skinkt yn*)

**FRANK:** Wêrom seist dat hieltyd?

**HELEEN:** Wat?

**FRANK:** Dat wit ik!

**HELEEN:** Wat wit ik?

**FRANK:** (*ergere*) Watsto seist – **dat-wit-ik!**

**HELEEN:** Gewoan, samar...

**FRANK:** Ik begryp wier wol watst bedoelst, Heleen, dat begryp ik wier wol. It is in stil ferwyt.

**HELEEN:** Hè Frank...

**FRANK:** Ik ha doch net foar neat in ôfwaskmasine foar dy kocht.

**HELEEN:** Dêr bin ik ek hiel bliid mei, echt wier!

**FRANK:** No, wêr ha we it dan oer?

**HELEEN:** Sorry skat, ik flapte it der gewoan út.

**FRANK:** By dy flapt der wol mear út.

**HELEEN:** Sa bin ik no ien kear... doe't we elkoar kennen learden fûnst dat krekt sa... eehh... hoe seidest dat ek alwer... Sa... ûntwapenjend.

**FRANK:** Mar no fyn ik it yrritant, do komst oer as... as in hin sûnder kop.

**HELEEN:** (*betwingt mei muoite de triennen*) No moatst ophâlde, Frank! Do dochst hjir noait wat yn 'e hûs en hielendal net yn de

keuken. En ik wit ek wol datst it drok hast, seker sûntst haad fan de boekhâlding bist by Uniebrons BV. En, echt wier, ik bin hiel bliid mei de ôfwaskmasine en ek mei dy Nilfisk Fiking stofsûger fan tûzen Watt mei helpstikken...

**FRANK:** Tolve hûndert Watt...

**HELEEN:** Wat... wat...

**FRANK:** Dy Nilfisk hat in fermogen fan tolve hûndert Watt.

**HELEEN:** Wat makket dat no út.

**FRANK:** Feiten binne feiten, Heleentsje. Stel je foar dat ik by Uniebrons BV sa mei sifers omgean soe...

**HELEEN:** Jaja, fansels, tolve hûndert Watt... ik bedoel... o god... wat woe ik no ek alwer sizze... do bringst my hielendal yn de war.

**FRANK:** Datst bliid bist mei dyn stofsûger.

**HELEEN:** Nee... ik bedoel ja... nee, ik woe allinne mar sizze atsto fan dy ferfelende dingen seist... fan hin sûnder kop en sa... oh Frank... *(gûlt. Soan Willem komt op yn pyama en moarnsjas. Hat in boek by 'm. Heleen en Frank sjogge 'm noch net)*

## SÊNE TRIJE

**FRANK:** *(mei muoite, hat gjin sin yn triennen)* It spyt my Heleentsje, it spyt my, net gûle, toe no, kom hjir... tútsje *(as in soarte fan automatisme)* ...giet it wer... *(stilte)* Witste, ik bin gewoan in bytsje út myn dwaan... Ik fûn dy jierdei fan jûn hiel ferfelend. Jim mem siet wer te kleien oer dy foet fan har en jim heit hie 't wer oer de hinnen... lei foar de safolste kear út wat it ferskil is tusken in Barnefelder en in Mechelske koekoek-hin.

**HELEEN:** Wat hindert dat no... foar heit binne dy Mechelske koekoek-hinnen syn lust en syn leven.

**FRANK:** Ik ha neat mei hinnen, lit stean mei Mechelske koekoeksklokken.

**HELEEN:** ...nee, hinnen...

**FRANK:** *(ergere)* Ja, dat wit ik!

**HELEEN:** *(besiket grappich te wêzen)* Feiten binne feiten.

**FRANK:** Kinne we hjir oer ophâlde?



**HELEEN:** *(koarte stilte, dan foarsichtich)* Wês no earlik Frank...

**FRANK:** Heleen, asjebleaft!

**HELEEN:** Ja skat, mar noch ien dinkje: **jim** heit en mem seure ek faak. Elke kear at we dêr komme, ropt jim heit: 'Goh, we tochten hast dat jim dea wiene. Salang neat heard'.

**FRANK:** Dat is in grapke.

**HELEEN:** Witst wol wat ik wol es hiel stikem tink: ik tink wol es, ik woe dat we wees wiene...

**FRANK:** Ik fyn dizze opmerking net passen, Heleen.

**WILLEM:** *(drûch)* No, dat tink ik ek wol es.

**HELEEN:** Hee leave, bist al thús?

**WILLEM:** *(stûf)* Ik waard wekker fan it lawaai fan mem en myn styfheit. Earst smite se in stoel om en dêrnei meitsje se rûzje. Tige tank! Ik sliepte krekt.

**HELEEN:** Sorry jonge, mar we tochten datsto der noch net wiest.

**FRANK:** *(oerein en nei Willem)* Ho, ho, wachtsje es even jonge freon. Der binne hjir gjin stuollen omsmiten foar safier't ik wit, en jim mem en ik hiene gjin rûzje, mar in diskusje. En fierder fyn ik it net aardich dat útrekkene **do** my midden yn de nacht de les lêst.

**HELEEN:** Frank, lit no... *(Willem wol fuortrinne)*

**FRANK:** Ja, rin mar wer fuort. It is altyd itselde: gewoan prate is der net by.

**WILLEM:** Neamsto dit in normaal praten?

**HELEEN:** Hè jonges, no net wer rûzje meitsje. Kom op, we nimme noch gesellich in sliedmûske en dan jouwe we ús del. Kom der no even by sitten, Willem. *(Willem bliuwt stean)* Doch it dan foar my. *(Willem skoot oan)* Moai sa, leave. *(Heleen skinkt yn. Stilte. Willem lêst demonstratyf yn it boek. Heleen en Frank sjogge nei elkoar)* Witst wat ik no sa spitich fyn? Dat jim no noait prate, sa as heit en soan.

**FRANK:** Krekt, prate as heit en soan. Dat wurdt heech tiid, ja.

**WILLEM:** *(sjocht net op út it boek)* En wêr hiest it dan oer ha wollen?

**FRANK:** Gewoan oer... eehh... eehh...

**WILLEM:** De foet fan beppe, Mechelske koekoek-hinnen, Barnefelders, jo roppe mar!

**HELEEN:** Hè, doch net sa flau, Willem. Gewoan prate as heit en soan oer eehh... oer it leven en dat soarte fan dingen.

**WILLEM:** Hy is myn heit net.

**HELEEN:** Toe no Willem. Do witst dat Frank it hiel ferfelend fynt atst dat seist.

**WILLEM:** (*sjocht net op*) Hy is myn **styfheit**.

**FRANK:** (*stilte, dan tsjin Heleen*) Dy jonge is ûnmooglik.

**HELEEN:** Hy bedoelt it net sa...

**FRANK:** O nee? It is my de lêste tiid wol faker opfallen datst dat wurd brûkst. Lêsten noch doe't we by pake en beppe wiene, hiest it ek ynienen wer oer dyn 'styfheit', wylst oars altyd 'omke Frank' seist. Wêrom atst dat wurd de lêste tiid sa noadich brûke moatst, is my net dúdlik. Der sit dy blykber wat dwers. Mar doch my asjebleaf de wille: **sis** watst wolst, mar neam my gjin...

**WILLEM:** Wat tinkst fan 'menear'...

**FRANK:** Ik wurd deawurch fan dy.

**HELEEN:** Mar Frank, wat is der no sa slim oan it wurd styfheit? Yn mearkes ha se dy ommers ek. Ik bedoel: Yn Sneeuwvitje sit in lilke styfmem en yn...

**FRANK:** Heleen, asjebleaf.

**HELEEN:** Goed Frank. (*stilte, Willem lêst*)

**FRANK:** Gesellich, hin!

**HELEEN:** (*oerein*) Ik tink dat ik mar op bêd gean...

**FRANK:** No ik net, ik bliuw noch even gesellich hjir sitten, tegearre mei ús autist.

**HELEEN:** Frank, toe no...

**FRANK:** Witst wat it mei dy is jonge. Do soest es wat dwaan moatte. Fan al dat hingjen wurde je depressyf.

**WILLEM:** (*sjocht noch altyd net op*) Krije we dat wer.

**FRANK:** Ja, dat ja. Do leist oant middeis twa oere ta op bêd, profitearrest fan jim mem en my, sitst oant djip yn de nacht yn de kroech en fierder fierst neat, mar dan ek neat út.

**HELEEN:** Nee hear Frank, hy hat krektlyn noch in skoftsje wurk hân.

**FRANK:** In blaumoandei.

**WILLEM:** Ja, op de griente-ôfdieling by Albert Heijn. Ik fielde my op 't lêst sels in blomkoal dy't oer datum wie.

**FRANK:** Do krigest dy baan fanwege myn goede relaasjes by Albert Heijn. Mar do hast it ferpesten want it iennige datst diest wie rûzje meitsje mei de sjef. En freeslike dingen roppe, dy't ik hjir net nochris sizze sil, dêr't jim mem by is.

**HELEEN:** Wat sei er dan?

**FRANK:** Lit mar, Heleen.

**WILLEM:** Ik sei tsjin dy man: stopje dy komkommer mar yn de reet, want ik gean hjir wei.

**FRANK:** Do hiest ferdoarje bliid wêze moatten mei dy baan. En hoe't it mooglik wie, wit ik net, mar se **seagen** wat yn dy. Do hiest karriêre meitsje kinnen by Albert Heijn.

**WILLEM:** (*sjocht einlings op, klapt it boek ticht, leit it op tafel*) Ja... ik bin begongen as fakkefoller, doe waard ik befoardere ta baas fan de brokkoly en de knolselderij. En at ik goed myn bêst dwaan soe, sei menear Van Wansum - (*tsjin Heleen*) dat is dy man mei de komkommer yn de reet – dat ik dan grutte kâns hie om nei in jier befoardere te wurden ta assistint gehakbal op de fleisôfdieling.

**FRANK:** Tinkst dat ik it safier skopt hie by Uniebrons, at ik my sa gedroegen hie? Mar do hast altyd de kantsjes der ôfrûn. Net iens in fatsoenlik diploma helle.

**WILLEM:** Jawol hear. Ik ha in swimdiploma, it taffeltsjes fan ien-oant-tsien-diploma, **en**... It ik-kin-myn-eigen-fifers-struse-diploma...

**FRANK:** Do smytst der gewoan mei de pet nei...

**HELEEN:** Dat meist net sizze, Frank, dat is net aardich. It komt allegear troch dat fanke. At dy it net útmakke hie...

**FRANK:** Hâld doch op, Heleen. Altyd is der in ekskús. In fanke of wer in oar fanke of menear koe der net oer om de hiele dei op skoalle te sitten of de benaude lucht fan in kantoar of menear wurdt depressyf fan de brokkoly...

**HELEEN:** Nee, dat wie fan de blomkoal.

**FRANK:** Ja, nim it mar wer foar 'm op. Witst wat it mei dy is, jonge: do likest op jim heit, dat is 't.

**WILLEM:** Lit ús heit derbûten. (*oerein en nei de hal*)

## SËNE FJOUWER

**FRANK:** Rin mar wer fuort.

**HELEEN:** Dat hiest no net sizze moatten.

**FRANK:** Nee, want oer syn heit prate we hjir net. Dat is in ferbean ûnderwerp.

**HELEEN:** Mar leave, dat is ommers allegear salang lyn. Ik bin al tweintich jier by Charles wei.

**FRANK:** Krekt, en tweintich jier lang hat er 'm neat mear fan jim oanlutsen. Gjin sint alimintaasje hat er betelle.

**HELEEN:** Hè Frank, dêr ha we it al sa faak oer hân. Ik woe it net. Ik woe net ôfhinklik fan 'm wêze.

**FRANK:** Do bist altyd fierste goed foar 'm west.

**HELEEN:** Ja mar, do hast in fêste baan by Uniebrons, mar akteurs moatte altyd mar ôfwachtsje oft se in kontrakt krije.

**FRANK:** Nim it mar wer op foar dy mislearre toanielspiler.

**HELEEN:** Dat meist net sizze. Hy wie hiel ferneamd... froeger.

**FRANK:** (*skamper*) Ja, froeger ja... Litte we hjir oer ophâlde, Heleen.

**HELEEN:** Goed Frank. Wolst noch in sliepûtske? (*skinkt yn, stilte*)

**FRANK:** Wat is der doch de lêste tiid mei dy jonge?

**HELEEN:** Ik wit it net. Miskien hat Willem wat fan eehh... identike krisis... of hoe hyt soks?

**FRANK:** (*ôfmetten*) I-den-ti-teit-krisis!

**HELEEN:** Ja, ja, dat bedoel ik. Ik seach lêsten yn de Libelle dat jonge minsken dêr soms lêst fan ha. Foaral bern dy't jierrenlang sûnder heit moatten ha.

**FRANK:** Dêr hat Willem net oer te kleien. Syn heit wie noch faak genôch te sjen yn sa'n soap-searje.

**HELEEN:** Dêr seach Willem noait nei. Hy skamme 'm. Syn heit, de grutte akteur Charles de Bruin dy't menear Haveman spile yn 'Liefde en Leven'. Us Willem hat altyd witten dat syn heit froeger echt in grut akteur wie en grutte rollen spile hat. Yn moaie stikken fan Tsjechov en dinges... Shakespeare... hoe hite dat stik elk alwer... Hamlet, dat wie 't, Charles hat Hamlet spile.

**FRANK:** Ja, mar dêrnei rekke de grutte akteur ferslaafd oan de drank en de froulju en koe er gjin roltsje mear krije. Behalve dan dy sullige menear Haveman yn dy soap en letter ek noch ien of oare malloat yn in jeugdsearje.

**HELEEN:** Dat foel bêst wol wat ta mei dy malloat. Charles spile de grouwe man yn dy grappige searje oer Brammetje Boterbloem. Willem moast dêr as lyts jonkje altyd om laitsje.

**FRANK:** No ik net. Wat in ôfgong foar de grutte akteur!

**HELEEN:** (*mimert*) Hy hie noait by my weigean moatten, dêrnei is it misgien.

**FRANK:** Wêr slacht dat no wer op, Heleen? Wat hiest mei dy lapswâns oan moatten?

**HELEEN:** Neat, mar ik hie de húshâlding graach byelkoar hâlde wollen.

**FRANK:** En ik dan? Ik hâld hjir al jierren de boel byelkoar. Mar ik wit it wol: do hâldst noch altyd fan dy man.

**HELEEN:** (*yn panyk*) Nee, nee, sa bedoel ik it net.

**FRANK:** Wat bedoelst dan wol?

**HELEEN:** Wy ha it echt hiel fijn tegearre. Echt wier, Frank. It giet my om Willem. It kin doch net goed wêze foar in bern dat in heit samar ynienen fuortgiet en jierrenlang neat fan 'm hearre lit.

**FRANK:** (*ergere*) Hâld doch op! Dy jonge is folwoeksen en it wurdt tiid dat er 'm as in folwoeksene gedraacht.

**HELEEN:** Mar dy identi... identi... krisis dan?

**FRANK:** (*lilk, falt út de rol*) Allegear flauwe kul! Oandachtlûkerij! Nei de depressive blomkoalen krije we no syn heit. Hat menear wer in nij ekskús om gjin flikker út te fieren en de hiele dei op it nêst lizze te stjonken en oant djip yn de nacht yn de kroech om te hingjen.

**HELEEN:** Wat bist ynienen grof. Sa ken ik dy hielendal net, Frank.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

“Samenspelen” is ons motto